

De Koepel

77e JIERGONG

no. 2, Febrewaris 2025




**Doarpskrante foar
Wytmarsum en omkriten**



Redaksje:
Wim Beckers
Jellie Koops - Benedictus
Freek Algra
Adri de Vries
Gerke Terpstra



Wooncomfort begint met duurzame keuzes!



Enmalig investeren



Maandelijkse kosten omlaag




Wooncomfort omhoog

Uw partij voor gedegen advies en vakkundige uitvoering bij het verduurzamen van van uw woonhuis!



www.bouwbedrijf.heeringa.nl
info@bouwbedrijf.heeringa.nl



Heeringa
onderbouw bouwen
betekent:

- Een vast aanspreekpunt
- Van ontwerp tot realisatie
- Advies in bouwtechniek, bouwfysica, installaties en subsidies
- Meedenken met de opdrachtgever
- Vakkundige uitvoering door eigen en betrokken medewerkers
- Garantie op alle werkzaamheden
- Gratis service check 1 jaar na oplevering
- **Een voorspoedige duurzame bouw!**

Kat en Harke

It jier 2025 begjint mar suterich wat it waar oanbelanget. It is bûten dizich en wetterkâld. Waar om jin ûnderdak te fermeitsjen.

De Nijjiersresepsje fan Doarpsbelang is dan ek yn de kantine fan MFC It Fliet. It is dêr lekker warm en gesellich drok. Dit is de start fan allerhanne plannen dy't dit jier hooplik plakfine sille. Sa stie te lêzen yn de Koepel fan jannewaris dat der mooglik wol in fjouwerjûnetocht komt, miskien better bekend as avondvierdaagse. En dan al dy oare feesten sa as Keningsdei, Sint Maarten en Sinteklaas. En wat der fierder noch op priemen set wurdt. De feestkommisje is noch drok oan it harsenskraabjen. Wy litte ús graach ferrasse. Sukses tawinske mei it meitsjen fan in nij programma foar dit jier.

Spitich dat wy net by elkoar komme kinne yn in nij doarpshûs. It hat lang stil west nei de ferskate gearkomsten hjiroer. Yn De Koepel fan jannewaris stiet in wiidweidich ferslach fan de stappen dêrnei. It wie in lúksueus plan en dêr wie de priis op oanpast. De gemeente koe hjir net yn mei gean en hat it plan ôfkaart. Sy wolle no hielendal gjin jild mear beskikber stelle en dit is tige spitich. Mar de stifting lit it hjir net by sitte en stiet noch yn kontakt mei de gemeente. Rûnom ha de ferskate doarpen in doarpshûs om elkoar te moetsjen en gearkomsten en feesten te realisearjen. Dat wurdt hjir tige mist. De mienskip hat soks nedich! Wy winskje de stifting trochsettingsfermogen en sukses ta by it nimmen fan fierdere stappen.

Op 12 febrewaris 2025 is der ek yn Wytmarsum op Merkelân 2 in feest, mar mear yn de famyljerûnte. Dan hoopje LOLKE BUMA en syn syn frou SIERKJE BUMA-SPIJKSMA harren 60-jierrich houlik te fieren. Dit is in tige lange hier wurden en

net foar eltsenien weilein. Wy winksje jimme in gesellige feestlike dei ta en as it kin noch folle lokkige jierren, tegearre mei bern, bernsbern en oerpake- en beppesizzers om jimme hinne.

Yn Aldegea begjint 2025 mei in oare kant fan ús libben.

Op 5 jannewaris is nei in tiid fan ôfnimmende súnens SIJMEN BOORSMA ferstoarn. Hy waard berne op 12 april 1942 yn Skearnegoutum. Op it Keatsplein hat hy as winkelman de doarpsbewenners jierrenlang foarsjoen fan iten, drinken en oare krûdenierswaren. Dizze winkel wie beheinder dan de grutte supermerken fan hjoed de dei. Mar wol folle persoanliker. Hy makke tiid foar in praatsje mei syn klanten. Nei syn pensjoen hawwe hy en syn frou Janke Boorsma - de Boer harren yn Aldegea nei wenjen set. Wy winksje syn frou Janke, syn bern, bernsbern en oerpakesizzers sterkte ta om dit ferlies te ferwurkjen. Hy wie sa grutsk op jimme. De moaie oantinkens bliuwe en dit is tige weardefol.

Tankber, mar fertrietlik, hawwe Bert Dijkstra, bern en bernsbern op 10 jannewaris 2025 ôfskie nimme moatten fan JOHANNA MARGARITA DIJKSTRA – ZONDERVAN yn de âldens fan 70 jier. Eartiids wie Bert Dijkstra fysioterapeut fan berop en hat syn frou Joke jierrenlang swangerskipsgym jûn. Yn Wytmarsum lieten Bert en Joke om bar op'e fyts harren hûn út. Ik seach harren gauris fytsen op de Kamperdyk. Likernôch twa en in heal jier lyn binne sy nei Snits ferhuze en hat harren soan de kaai oernaam. Hy wennet no yn it âlderlik hûs. Ek dizze famylje winksje wy krêft ta om dit ferlies te ferwurkjen en sûnder har fierder te gean.

Dizze beide minsken sille dizze winter net mear meimeitsje. Mar oantinkens oan echte strange winters wienen der wol. It ûndersteande ferske docht my dêr ek oan tinken.

Winter

*De tiid fan geitenwollen sokken,
waarme poeiermolke mei slachrjemme,
kjeld en skriele wyn.*

*Smûk foar de kachel sitte
en geselligens mei famylje en freonen.*

Wille yn de snie, de redens út it fet.

Giet it oan?

Sil dizze dream ea nochris wer útkomme?

Oant de oare kear, Jelly.

Koepelkerk

Het uurwerk van de Koepelkerk

Het uurwerk van de klok van de Koepelkerk is nodig aan vervanging toe. Verleden jaar heeft de klok een poos stilgestaan omdat het aandrijfmotortje defect was. Gelukkig kon het gerepareerd worden, maar omdat de onderdelen al oud zijn en vaak niet meer te vervangen, is het wel zaak om het aandrijfwerk te moderniseren. U zult vast wel begrijpen, dat dit een kostbare zaak is. Daarom heeft het college van kerkrentmeesters het fonds van de Ondernemers Vereniging Witmarsum aangeschreven voor een bijdrage.

We kunnen nu melden dat dit fonds ons een bijdrage van ruim drieduizend euro heeft toegezegd. Dit bedrag kunnen we goed gebruiken om het uurwerk te digitaliseren.

Het is nog onbekend wanneer de werkzaamheden aan de klok gaan beginnen, maar we zullen u op de hoogte houden door middel van foto's die van het werk gemaakt zullen worden.

Namens de Protestantse Gemeente "Trijeris Ien" willen we de Ondernemingsvereniging Witmarsum hartelijk dankzeggen voor de bijdrage.

Ondernemersfonds

Nieuws van het Ondernemersfonds

De afgelopen maanden informeerden wij u al via de Koepel over het ondernemersfonds van de OVW (Ondernemers Vereniging Witmarsum).

Na stemming binnen de OVW zijn intussen al een aantal aanvragen voor een bijdrage 2024 toegekend aan:

- Feestcommissie Dorpsbelang - Sint Maarten
- Kerstconcert Nij Libben
- Toneelvereniging Surprise
- OVW Netwerkbijeenkomst

Toekenningen voor een bijdrage in 2025:

- Feestcommissie Dorpsbelang - Nieuwjaarsborrel
- Koepelkerk Witmarsum - Uurwerk
- Gymnastiekvereniging V & O – Turnpakjes
- Feestcommissie Dorpsbelang – Koningsdag
- Feestcommissie Dorpsbelang – Avond4daagse

Let op:

Subsidieaanvragen voor projecten in 2025 kunnen tot uiterlijk 1 april 2025 ingediend worden via de mail :
ondernemersfondsovw@gmail.com

Het gaat om projecten met een collectief doel, op het gebied van sport, spel, muziek, cultuur...etc.

Wilt u een subsidie aanvraag doen, vraag dan een aanvraagformulier op via de mail.

U dient het aanvraagformulier in, met uitleg omtrent de activiteit samen met een eenvoudige kostenbegroting en welke financiële bijdrage gevraagd wordt.

Het ondernemersfonds is een pot geld dat via de gemeente opgebracht wordt door alle ondernemers van Witmarsum. Het

geld wordt vervolgens jaarlijks in Witmarsum aan projecten toegekend. Over de ingediende subsidie aanvragen en toekenning van de bijdragen beslist de OVW.

Wij willen hierbij ook nadrukkelijk alle ondernemers van Witmarsum oproepen om lid te worden van de OVW, om mee te kunnen beslissen over toekenning van de subsidiegelden voor Witmarsum.

- Namens de OVW, ondernemersfondscommissie:
Theo de Groot (Fysio & Fitness Witmarsum)
- Janneke Bakels (studio Yin Life Art)
- Jorrit Plantenga (camping Mounewetter)
- ondernemersfondsovw@gmail.com



Geeske Kroontje

06-33018711

Dag én nacht bereikbaar

- Persoonlijk
- Betrokken
- Vertrouwd
- Altijd dichtbij



facebook.com/geeske.uitvaartzorg

instagram.com/geeske.uitvaartzorg

Bent u verzekerd bij DELA, Monuta, Ardanta of een andere verzekeringsmaatschappij?
Ook dan kan ik de uitvaart voor u verzorgen.

SURPRISE

It is alwer in skofke lyn dat Bruun Kuint syn solofoarstelling “Scrooge” oan ús sjen liet, mar dochs wolle we der efkes oer neiprate. De katholieke tsjerke is in smûke seal fan Villa Meirin wurden en der passe in 80 oant 100 minsken yn. In minpuntsje is de akoestyk en dertroch wie Bruun net altiten goed te ferstean. Doch ha de measten in pear moaie oerkes hân en de waarme sûkelademolke en gluhwein smakken goed. We wolle Ondernemingsfonds OVW(OndernemingsVerenigingWitmarsum)) betankje foar harren bijdrage. Altiten fijn te witten dat oaren it belang fan kultuur ek sjogge.

- Wij hoopje yn de takomst wer mei in eigen foarstelling te kommen, dus as der minsken binne dy’t graach ris spylje wolle hearre we dat graach.
- Bestjoer Surprise, Marieke, Christian, Menno en Coby

Nij Libben

Actie Violen

Op donderdag 20 maart begint de lente. Uw tuin verdient dan nieuwe kleurige bloemen en wij kunnen daar een bijdrage aan leveren met onze violen actie. Ook dit jaar is het mogelijk om er potgrond bij te bestellen.

- Een bestelformulier komt binnenkort bij u in de bus.
- In de 1e week van maart komen we de bestelling bij u thuis brengen Naast kleur in de tuin houden we onze vereniging financieel gezond.
- Voor vragen over onze vereniging mail naar info@nijlibben.nl



24 uur per dag, 7 dagen per week


Wij staan voor u klaar!

Thuis als het kan, in het ziekenhuis als het moet. Welke zorg u ook nodig heeft, wij zijn er voor u. Antonius, voorheen Thuiszorg Zuidwest Friesland, biedt alle soorten zorg aan huis, zoals verpleging, persoonlijke verzorging, nachtzorg én gespecialiseerde zorg.


Dankzij de korte lijnen met ons ziekenhuis kan er thuis heel veel. En als zorg thuis niet kan? Dan helpen we u in ons ziekenhuis in Sneek.

Wij zijn er voor u, zodat u langer thuis kunt blijven wonen óf eerder uit het ziekenhuis weer naar huis kunt.

Annemarie Hannema is wijkverpleegkundige in uw buurt
Welke zorg u ook nodig heeft, zorgteam Witmarsum is er voor u en uw naasten. Annemarie komt graag bij u langs voor een vrijblijvend gesprek. Want ook u verdient optimale zorg, precies op maat.

 0515 - 46 18 81

 TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl

 mijnantonius.nl/thuiszorg

 **antonius**
zorg die meebeweegt

Betanke

Via deze weg willen we iedereen bedanken voor het hartverwarmende medeleven na het overlijden van onze liefdevolle moeder en beppe

Klaske Huisman-Bergsma.

De mooie woorden, kaarten, bloemen en aanwezigheid tijdens haar waardig afscheid hebben ons ontroerd en steun geboden.

Familie Huisman

De grutte belangstelling en it meilibben nei it ferstjerren fan ús broer, sweager en omke

JAN KUPERUS

hawwe wy as tige bysûnder ûnderfûn. Syn passy foar de natuer en de jacht wie in wichtich part fan syn libben. No hat hy syn rest fûn.

Wy wolle jimme tanksizze foar alle belangstelling en it meilibben.

Famylje Kuperus en Famylje Jilderda

Wij willen iedereen bedanken voor het medeleven voor en bij het overlijden van onze broer en oom

Klaas Zijlstra.

De bloemen, de vele kaarten, de appjes en het langs komen. Ook de mensen die tot het allerlaatst nog bij hem kwamen, top!

Het heeft ons goed gedaan.

Fam. Zijlstra & Goïnga




Wij zijn het thuiszorgteam van Witmarsum en omgeving. Wij zijn vanaf 07:00 uur tot 23:00 uur te bereiken en staan voor u klaar met verpleging en verzorging die aansluit op uw wensen en behoeften.

Heeft u vragen of bent u zoek naar een passende oplossing, dan denken wij graag met u mee! Via ons telefoonnummer of e-mailadres kunt u ons rechtstreeks bereiken. Scan de QR-code voor meer informatie.

✉ thuiszorg.witmarsum@patyna.nl

☎ 085 - 1143 213

👉 www.patyna.nl/thuiszorg



Zwembad Mounewetter

NL DOET!

15 maart 2025

9.30 - 12.00 uur

**Wil jij ook helpen om het
zwembad schoon te
maken voor het seizoen?
Meld je aan!**

Schoonmaken van de boeidelen,
kozijnen, ramen, houtwerk,
speeltoestellen, toiletstraat,
fietsenstalling en het terrein.



**ZWEMBAD MOUNEWETTER
MOUNEPLEIN 5 WITMARSUM**



**06-20275620 (RIGTSJE) OF
BESTUUR@ZWEMBADMOUNEWETTER.NL**



GRAACH DIEN

Wy binne te berikken op tillefoannummer: **06-52046445** op alle wurkdagen tusken 9 en 10 oere. As it kin op syn minst 2 dagen yn 't foar efkes skilje, wy kinne dan op tiid foar in frijwilliger soargje.

Wy binne der foar:

- Ferfier en begieliding foar in besite/behanneling yn it sikehûs
- Ferfier nei de fysioterapeut-Gau efkes medisinen helje
- In boadskipke dwaan- Ferfier yn, mar ek bûten it doarp
- Hulp by in putsje

It is fergees, allinne moatte wy in kostenfergoeding rekkenje.

- Dit is € 2,00 yn it doarp. Foar ferfier bûten it doarp € 0,25 de kilometer, ôf te rekkenjen mei de sjauffeur/frijwilliger.
- Wolle jimme oare ynformaasje, skilje dan:
- Geartsje Verhoeve-Akkerman 0517-531392

Gazelle.Kreidler en Pointer -dealer
ook andere merken leverbaar

deelnemer
Nationale Fiets Projecten



nieuwe en gebruikte fietsen en fiets verhuur

fietsreparaties en fietsaccessoires

ELGERSMA

R I J W I E L E N

Openingstijden:
maandag gesloten woensdag 08.30-17.30 vrijdag 08.30-17.30
dinsdag 08.30-17.30 donderdag 08.30-17.30 zaterdag 09.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551

WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL

Ynstjoerd

Frank Leyendekker brocht it Frysk hynder nei Amearika en foarkaam sa in swart senario

Boarne Omrop Fryslân - Sybrand Grasdijk

Frank Leyendekker

Hy is miskien wol de man dy't it Frysk hynder rêden hat: Frank Leyendekker soarge der yn 1977 foar dat hynders foar it earst mei it fleantúch de oseaan oerstutsen. It wie in revolúsjonêre stap, essinsjeel foar de takomst fan it Frysk hynder.

It Koninklijk Friesch Paarden-Stamboek (KFPS), de organisaasje achter de jierlikse hynstekeuring yn Ljouwert, earet Leyendekker dit jier. Syn soan Gerben komt mei frou en bern spesjaal oer út Amearika om dizze wike de show Royal Friesian Live by te wenjen.

Dream ûntstiet by hynsteshow

Frank Leyendekker (1928-2022) groeit op yn Wytmarsum, tusken de Fryske hynders en op it suvelfabryk fan syn heit. Op syn achttjinde, yn 1948, ferhuzet er nei Amearika. “Dêr seach ik op in sjow in fjouwerspan hynders”, fertelde er letter. “It idee hoe’t dat derút sjen soe mei Fryske hynders hat my nea loslitten.” Op dat stuit kin Leyendekker syn idee noch net ferwêzentlikje: dêr hat er it jild net foar. De bân mei Fryslân bliuwt sterk, ûnder oare fia syn broer Sikke. As Leyendekker yn 1976 op besite giet by syn broer, hat er yntusken mear finansjele mooglikheden troch de erfenis fan syn âlden.

Fan útstjerren rêden

“Mei dat jild woe ik Fryske hynders keapje en se nei Amearika ta bringe”, fertelt Leyendekker yn syn memoires. “Myn broer sei dat ik better earst prate koe mei Lammert Huijning, sekretaris fan it KFPS.”

“Huijning fertelde my dat it KFPS in ‘sinkend skip’ wie. It ledetal rûn werom yn Nederlân en in soad hynsten foldienen net. It ras fan it Fryske hynder wie oan it útstjerren troch in gebrek oan jild en ynteresse.” Leyendekker fertelt Huijning dat hy wol in idee hat hoe’t

er de situaasje feroarje kin. Hy seit dat er fan doel is om Fryske hynders nei Amearika te bringen. Koart dêrnei keapet Leyendekker trije Fryske hynders: ien hynst (Laes) en twa merjes (Linie en Lycheltje). Sikke ûntfermet him oer de hynders, Frank Leyendekker sels tinkt nei oer in wize om se nei Amearika te ferfieren. Yn dy tiid is oer see de iennige wize om hynders de oseaan oer te krijen. Dat duorre yn guon gefallen fiif wiken. “Ik frege KLM en Lufthansa oft se de hynders troch de loft ferfiere koenen. Lufthansa seach it wol sitten, mar op dat stuit wienen se der noch net klear foar.” It iepene de doarren foar hynstetransport oer de wrâld.

Frank Leyendekker yn syn memoires

Njoggen moannen lang wurkje Leyendekker, broer Sikke en Lufthansa oan in plan: se ûntwerpe en bouwe in spesjaal krat, basearre op de ôfmjittingen fan de hynders. Yn 1977 fljocht de earste groep Fryske hynders fan Schiphol nei Amearika. Twa jier letter ferfiert Lufthansa trije merjes nei Amearika. “Dy twa frachten wienen de basis fan myn fokkerij. It iepene de doarren foar hynstetransport oer de wrâld.”

Amearikanen sljocht fan Frysk hynder

Leyendekker fernimt dat se yn Amearika sljocht binne fan de Fryske hynders. “Mar ik woe ek dat it ras puer bleau. Dêrom gong ik yn 1982 wer nei Fryslân ta om mei Huijing te praten.”

Hy freget oft de sjuerys fan it KFPS nei Amearika komme kinne om de Fryske hynders te sjurearjen. “Huijing seach it wol sitten, as ik betelle foar de fleantickets fan de sjueryleden.”

Yn 1984 is it safier: yn Pomona (Kalifornië) is de earste sjurearring fan Fryske hynders yn Amearika. It is op presys itselde plak dêr't Leyendekker yn 1950 op it idee kaam om Fryske hynders nei Amearika te bringen.

Freark Smink as Frank Leyendekker

Mar it ferhaal is dan noch net klear: datselde jier noch wurdt de Friesian Horse Association of North America oprjochte. Mei syn Fryske hynders rydt Leyendekker in hiel soad shows yn Amearika en Kanada. Se binne ek ûnderdiel fan de jierlikse Rose Parade yn Pasadena.

Yn jannewaris 2022 ferstjert Leyendekker . Hy hat dan 292 Fryske hynders fokt yn Amearika en tsien stamboekhynsten op syn namme stean. Leyendekker syn neilittenskip is grut. Alle wiken fleane hynders de hiele wrâld oer. De basis is noch altyd it earste krat foar hynders dat Leyendekker yn de jierren 70 ûntwikkele hat.

Op de showjûn fan it KFPS dit jier, stiet de relaasje tusken it Frysk hynder en Noard-Amearika sintraal. Akteur Freark Smink spilet de rol fan Frank Leyendekker as grut ambassadeur foar it Frysk hynder yn Amearika.




f.l.n.r Jonge Frank Leyendekker mei Frysk hynder, Frank Leyendekker, Fryske hynders wurde yn in Luft Hansa fleantuch laden.

LH Loonbedrijf & Kraanverhuur Klaas Haitzma

**Levering van zand en tuinaarde
Verhuur van graafmachines (groot en klein)**

Voor alle andere werkzaamheden op het gebied van grondverwerking of verhuur van (graaf)machines hebben (of zoeken) we een oplossing die bij u past!



Pingjumerstraat 26 • 8748 BN Witmarsum • info@haitzmawitmarsum.nl • (0517) 531388

Ook op zaterdag geopend! www.haitzmawitmarsum.nl



Bij ons kun je terecht voor:

Fysio & Fitness

Dry Needling
Functionele Osteopathie
Manuele therapie
Medical taping
Valpreventie*

Medische fitness
Bedrijfsfitness
Dansen 4 Kids & Teens
Spinning

**Op werkdagen geopend vanaf 8 uur
3 avonden fitness per week**

*** Nieuw in ons aanbod!**

Van Aylvaweg 16, Witmarsum
0517 – 53 19 01
info@fysiowitmarsum.nl
www.fysiowitmarsum.nl

Tennis Club Witmarsum

Tot drie jaar geleden stopte het actieve tenniseizoen per 1 oktober. Een aantal fanatieke spelers bleef dan nog doorspelen tot de netten er af gingen in december. Na de renovatie van de banen kunnen we nu het hele jaar door spelen op onze provision banen. Je kunt nu het hele jaar door trainen op ons mooie complex en er worden wintertoernooien georganiseerd. Zo heeft de wedstrijdcommissie 17 november een geslaagd ochtend toernooi georganiseerd en staat er 26 januari weer een toernooi op de planning.

Pub quiz

Een nieuw in het leven geroepen pub quiz commissie organiseert 8 maart de eerste pub quiz voor leden van onze vereniging in het oude cafe de Roskam. Dit bruine cafe is nu helemaal wit van binnen, maar ziet er verder nog precies zo uit als vroeger. Eigenaar Kim heeft ons toestemming gegeven om gebruik te maken van deze ruimte en daar zijn wij hem zeer erkentelijk voor. Een pub quiz in een oude kroeg. Mooi toch. We hopen op een grote deelname en maken er een gezellige avond van.

NL Doet

Onze vereniging doet ieder jaar mee aan NL Doet. **Zaterdag 15 maart** gaan we weer met vrijwilligers aan het werk om de kantine en haar omgeving schoon te maken, zo nodig een verbod te geven en het hekwerk stormbestendig te maken. Veel vrijwilligers zijn dan aan het werk, want ook vanuit het zwembad en de jeu de boulesclub hoor je het geluid van schuurmachines, e.d.

Samenwerking met Bolsward

Onze club werkt sinds vorig jaar goed samen met de tennisclub uit Bolsward. Twee groepjes jeugdleden krijgen in de winterperiode tennisles op ons complex. Beide clubs zijn bij dezelfde orga-

nisatie aangesloten die de trainingen organiseert. Daar onze club helaas geen jeugdleden heeft op dit moment, doen we er alles aan om het voor de jeugd zo aantrekkelijk mogelijk te maken om kennis te maken met deze mooie sport.

Mochten er nieuwe jeugdleden komen, dan kunnen we ze nu training aanbieden op maat, zodat ze trainen met jeugd van eigen sterkte. Op 7 november jongstleden hebben de leerlingen van de groepen 3 en 4 van beide basisscholen meegedaan aan een tennisclinic en in het voorjaar wordt er weer zo'n clinic aangeboden. Het eerste jaar is het lidmaatschap voor de jeugd gratis.

Maak kennis met tennis

Senioren die kennis willen maken met tennis kunnen zich opgeven voor "Maak kennis met tennis". Ze krijgen dan voor 30 euro vier lessen aangeboden van onze tennisleraar. Mochten ze zo enthousiast zijn dat ze lid willen worden, dan betalen ze het eerste jaar 50 euro. Dat is de helft van het lidmaatschap. U kunt zich aanmelden bij onze secretaresse Aimee Postuma. (aimeepostuma@gmail.com)

Nieuwe leden kunnen meteen ook actief meedoen aan onze toernooien en de instuif op maandagavond. Ze worden dan naar sterkte ingedeeld, zodat ze zich meteen thuis voelen. Onze club is blij met nieuwe leden van alle leeftijden en die koesteren we dan ook.

Jaarvergadering 13 maart

De jaarvergadering wordt georganiseerd in de kantine van ons complex en start 20.00 uur.

Nog even dit:

Tennis is al jaren geen elitesport meer. Voor 100 euro kun je het hele jaar tennissen, met wie en wanneer je maar wilt. Met ons reserveringssysteem kun je zelf een tennisuur plannen en dat weet je ook zeker dat je dan kunt spelen. Probeer het gewoon een keer. Niet geschoten altijd mis.

- Het bestuur

Wat vliegt de tijd, het gaat alweer richting eind januari als ik dit schrijf. We zijn amper bijgekomen van het nieuws, dat wij in 2025 wederom aan de Jeugd sponsor actie van de Poiesz mee mogen doen. Het weekend van 1 maart staan wij als V&O u op te wachten in de Poiesz. Wie weet zit een plaats in de top tien er wel in, in dit jubileum jaar. Vanuit V&O wensen wij elke deelnemende vereniging veel succes hierbij.

Waar ik toch ook wel van schrok in de vorige Koepel is het bericht van WitmarsumConnect. Te duur, geen geld en een ravijnjaar. Nu kunnen we dit op vele manier lezen uiteraard. Hierbij wil ik wel de waardering uitspreken naar de leden van WitmarsumConnect die met hun enthousiasme en drive getracht te hebben, deze kar te trekken. Voor ons als inwoners van het dorp en omstreken, hoop ik wel dat er iets bedacht gaat worden voor de lange termijn. Onze overheid stuurt nu namelijk aan op gezond leven en het liefst zo lang mogelijk op jezelf blijven wonen. Het is helaas wel een feit dat er langzamerhand meer faciliteiten landelijk uit de dorpen verdwijnen.

Echter zal dit gegeven ons niet tegenhouden om na het 100-jarige jubileum door te gaan naar de 125 en verder. Leefbaarheid doen we gezamenlijk en met zijn allen.

Ook al is 2025 nog maar net van start gegaan, onze leden zitten niet stil. De wedstrijden zijn reeds begonnen als u deze Koepel leest. De leden zijn hard aan het trainen en wij hopen dan ook dat zij wederom succes mogen hebben op de wedstrijden.

-
- Tot de volgende Koepel
Namens gymnastiekvereniging V&O
- Remco Gaastra

Behoud Koepelkerk

We luiden de noodklok voor het behoud van onze monumentale Koepelkerk. Als PKN kerkgemeenschap kunnen we op termijn het beheer en onderhoud niet meer alleen dragen. Dit geldt voor de kosten maar vooral ook om het huidige kleine en grijzer wordende groepje beheerders bij te staan. We doen daarom een beroep op onze dorpsbewoners van Witmarsum om mee te denken en werken aan de toekomst van ons dorpsmonument.

Daartoe is in januari dit jaar een verkennergroep aan de slag gegaan. Deze verkennergroep is spontaan gegroeid en bestaat uit een aantal PKN leden en andere dorpsbewoners. Dit zijn Jaap Floor, Marijke Baarda, Frans Nijman, Lieuwe Ypma, Henk-Jan van Dijk en Jac Konig. Zij hebben de volgende vragen:

- Hoe kun je het beste het beheer van het gebouw organiseren? Doe je dit vanuit de kerk zelf, of in een dorpsstichting of breng je het onder bij de stichting Alde Fryske Tsjerken?
 - Welke ideeën zijn er om de Koepelkerk in het gebruik aantrekkelijker te maken?
 - Hoe kunnen verenigingen en instanties het gebouw gebruiken?
- Voor antwoorden gaan de verkenners in gesprek met Dorpsbelang, andere dorpen, onze gemeente en instanties met kennis van zaken. Voor hen is al duidelijk geworden dat het betrekken van het dorp essentieel is voor het in stand houden en beter benutten van onze monumentale Koepelkerk! Daarom organiseert de verkennergroep de komende maanden een aantal bijeenkomsten met mensen, verenigingen en instanties om ideeën uit ons dorp zelf te krijgen.

Mensen die al gelijk willen reageren: meld je bij één van de verkenners of mail naar pkn.trijeris.ien@gmail.com.

Yeme Dijkstra namens PKN en Jac Konig namens de verkennergroep.

Waarom luidt de klok van de Koepelkerk op zondag 2 februari 2025?

In 2025 is het 200 jaar geleden dat twee derde van Friesland werd getroffen door een grote overstroming. Op zondagavond 2 februari, de vooravond van de ramp destijds, wordt deze watersnood herdacht met het luiden van kerkklokken en klokkenstoelen. Net als in 1825 zullen er in het hele Friese overstromingsgebied klokken te horen zijn. De Protestantse Gemeente Trijeris Ien voldoet graag aan de oproep van de Projectgroep 'De vergeten watersnood van 1825' om op zondag 2 februari om 20.00 uur de klok van de Koepelkerk te luiden.

...Het is begin februari 1825... De winter is in volle gang, maar van sneeuw en ijs is in Fryslân geen sprake. Wel van wind en regen, alsof het drijfmatige najaar nog niet genoeg was... Wanneer de wind zich op 3 februari ontwikkelt tot een noordwesterstorm, en het ook nog springtij wordt, is het hek van de dam. Of beter gezegd: dan is er geen houden meer aan voor de verwaarloosde Zuiderzeedijken. De grootste natuurramp van de negentiende eeuw in Nederland wordt een feit...

Er ontstaan 22 dijkdoorbraken, 60 % van Fryslân stroomt onder water en er zijn bijna 400 doden te betreuren, waarvan 17 in Fryslân. Er verdrinken duizenden stuks vee en honderden huizen worden verwoest of zwaar beschadigd. Het water kwam tot aan Bolsward, maar bereikte de dorpen van het Gouden Land niet. De Slachtedijk en de Pingjumer Halsbân voldeden in hun slaperfunctie als zeewering aan alle te stellen eisen. De bevolking hier hield droge voeten. Elders was het land jarenlang bedorven door het zoute water. Op diverse plaatsen groeiden tien jaar geen vruchten, er was een schade van miljoenen en veel menselijk leed. De overstroming zelf kostte in Fryslân (maar) 17 doden. Ernstiger was dat een jaar later, vooral in het veengebied, 5500 mensen overleden aan malaria.

Het klokluiden is de aftrap van een jaar met activiteiten om de

watersnood van 1825 – de grootste natuurramp van de negentiende eeuw in Nederland – uit de vergetelheid te halen. Musea, verenigingen én inwoners uit het overstromingsgebied – doen hieraan mee.

Op de website www.1825.frl staan al veel van deze activiteiten genoemd en er komen vast nog meer bij in de loop van 2025.

Zaterdag 1 en zondag 2 februari 2025 zal er een documentaire te zien zijn over de watersnood van 1825. Zaterdag 1 februari 15.30 uur op NPO 2 (herhaling zondag 2 februari om 13.25 uur)

Zondag 2 februari 17.00 uur op Omrop Fryslân (herhaling elk uur).

- Dit is waarom in heel Friesland meer dan 100 kerkklokken luiden op 2 februari a.s.
- Protestantse Gemeente Trijeris Ien en Stichting Gouden Land
- M. Baarda

Yn't ferline

Foar de boufakkers liket it jier 1925 goed te starten. Want ûnder arsjitektuer fan de hear A. Goodijk fan Snits, waard foar rekken fan Ids Bierma, ûnderhânsk in nije wenning oanbestege. Johannes Yntema wurdt it wurk gund foar de som fan 5365 gûne. Fierder mei Anne Koopmans, wenjend oan de Arumerweg (no nr 10), in nij boargerhûs bouwe foar de hear Cornelis van Popta. Pieter Straatsma krige de opdracht fan mej. de widdo G. Miedema om in nij hûs foar har rekken te bouwen.

Hendrik Bartstra, bakker dêr't letter baker Koopmans syn bakkerij hie, sil it doarp ferlitte. Hy keapet in doarpsherberch yn Wergea, en hy hopet dizze saak yn maaie oansteande te begjinnen. Teade Bouma, frachtrider en autotsjinst, hat ûnderhânsk it hûs oankocht fan de gemeenteûntfanger Teake de Jong. Dizze

wenne yn de Bewaarschoolstraat, wat no nûmer 9 is, en hy lit in nije wenning sette tsjin oer Aylva State. In gemeenteûntfanger is in amtner belêstige mei de ynfoardering fan alle ynkomsten en ûntfangsten fan de Gemeente, en docht ek alle útjeften.

Underhannelingen oer it lean binne dwaande, yn de krante wurdt sels neamd dat de tastân fan de measte arbeiders sêftkes oan ien fan earmoede wurden is. Soks is net allinne in arbeiders of in bouboeren belang, elkenien sil der op foarút gean by in bloeiende arbeidersstân. Hja koene in lean betingje fan 27 gûne foar de fêste arbeiders en foar de losse arbeiders is it lean fan 1 maart oant 1 novimber 45 sint en fan novimber oant maart 35 sinten de oere. Dat betsjut foar fêsten in ferheging fan 2 gûne en foar de lossen 5 sint yn 'e oere. Yn elke gemeente kin dit wer oars lizze, dêrom wurdt der ek mei klam op wiisd by wurkjouwer en wurknimmer dizze tige billike leansfraach as basis te oanfurdigjen.

Ek wurdt der ta de arbeiders oproppen harren te organisearjen en lid te wurden fan in bûn.

Op 5 febrewaris wurdt yn it hotel Meijer, de maresjaussee kazerne ferkocht oan Piet Meijer foar de priis fan 4009 gûne. Omdat de kazerne leech stie, hie timmerman Anne Koopmans hjir it tafersjoch op. Dy ûntduts op in goede dei dat der leaden en sinken pipen, de fergearbak en noch mear stellen wie fan it gebou. Hy die dêrfan oanjefte by de plysje, dy't in ûndersyk ynstelde. Dêrút die bliken dat it ferkocht wie yn Boalsert foar

in pear sinten wylst de wearde folle heger wie. Dizze persoan is oanhâlden en moat fanwegen dizze stellerij terjochte stean.

Opit plaatsje in advertinsje, mei saken dy't foar in soad problemen geskikt binne.



Minsken as jimme no ek mei sa wat sitte, lit it ús dan efkes witte. Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: evertzwier@outlook.com

Agenda

10 februari

Filmavond Vogelwacht

20:00 uur, kantine camping Mounewetter. ‘Holland, natuur in de delta.’

11 februari

Kaartvereniging Elk wat Wils

19.45 uur, Fairsound, De Túnen 12. Competitie

12 februari

KBO/PCOB

14.00 uur, Het Anker, Buren 18 Makkum. Lezing Janneke Abma-Horjus over ‘Sara on Tour’. Daarna presentatie jaarcijfers

15 februari

Workshop en lezing Mennoportretten

13.00-16.00 uur, Schuilkerkje in Pingjum. Maximaal 12 deelnemers. Bijdrage voor materialen € 10. Aanmelden: doopsgezindemonumenten@gmail.com.



25 februari

Kaartvereniging Elk wat Wils

19.45 uur, Fairsound, De Túnen 12. Maatkaarten



SNEEK RECYCLING



MILIEUSTRAT & CONTAINERVERHUUR

Voor bedrijf en particulier



Touwslagersstraat 20 0515 820240

BESTEL JE CONTAINER DIRECT OP: WWW.SNEEK-RECYCLING.NL



ROBBEN
METAALRECYCLING SNEEK

Zadelmakersstraat 26
8601WH Sneek
Tel: 0515 245050

**DE BESTE PRIJS
VOOR UW OUD IJZER**

Voor bedrijven, particulier
& verenigingen

WWW.ROBBENMETAALSNEEK.NL

Kolofon

Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:

PCOB Wûnseradiel	IJscclub
PKN Wytmarsum	Sticht. Zwembad "Mounewetter"
St. Oars as Oars	Zangver. "Scheppingsgave"
Popkoar Wytmarsum	Vogelwacht
Gymnastiekver. "V. en O."	Graach Dien
Muziekver. "Nij Libben"	Jeu de Boules ver. "De Mouneboulers"
Toneelver. "Surprise"	Begr.-Crematiever. "De laatste Eer"
Perm. Commissie"	Triatlon Wytmarsum
Kaartclub "Elk wat Wils"	Zorgcentrum Aylva State
E.H.B.O.	Stichting Ekspedysje Wytmarsum
Bejaardensoos	MFC It Fliet
"De Koepeldûnsers"	Loopgroep Wytmarsum
K.V. "Pim Mulier"	Trekkerdei Wytmarsum
Sportvereniging "Mulier"	Stichting Gouden Land
Ver. voor Dorpsbelangen	Doopsgezinde Gemeente
Ondernemersvereniging Wytmarsum	Til. nr sekretariaat: 0517-531205
Tennisclub	

De kopij foar de maart Koepel moat uterlik 21 febrewaris ynlevere wurde fia de mail: redactie@dekoepel.frl en famyljeberjochten ek by Adri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.

Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.

Berjochten foar de agenda nei: agenda@dekoepel.frl

Tariven 2025

Meidielings/advertinsjes 1 bledside	€50,-
Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside	€30,-
Famyljeberjochten/betank-advertinsjes	€15,-
Bertekaartsjes	€15,-

De Koepel komt 11 kear yn it jier út, it earste wykein fan de nije moanne.

Post-abonnees dy't net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy't lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!

Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201

Internet

Homepage: www.dekoepel.frl
E-mail adres: redactie@dekoepel.frl
Facebook: [webmaster@dekoepel.frl](https://www.facebook.com/webmaster@dekoepel.frl)



Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen



3D model

Nieuwbouw Verbouw Renovatie Modernisering

**Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre?
Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een
opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?**

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

www.hofstrabouw.nl

